

Formulier foar de fiering fan it Hillich Nachtmiel (4)

Gemeente fan ús Hear Jezus Kristus,

Ynstelling

Wy binne hjir byinoar om yn opdracht fan ús Hear syn dea te ferkundigjen. Yn it hillich evangeelje wurdt de ynstelling fan it nachtmiel sa beskreaun :

Under iten naam Jezus brea, tanke, breek it yn stikken en joech it oan 'e learlingen mei de wurden: Nim en yt, dit is myn lichem. Doe naam Er de beker, tanke en joech him oan de learlingen mei de wurden: Drink hjir allegearre út, want dit is myn Ferbûnsbloed. It wurdt foar gâns minsken stoart, dat har de sûnden ferjûn wurde. Ik sis jimme: Fan no ôf oan sil Ik perfoarst net mear drinke fan wat de wynstok jout, oant dy dei dat Ik mei jimme nije wyn drinke sil yn myn Heite Keninkryk.¹

Oantins

Yn it nachtmiel betinke wy hoe't ús Hear Jezus oan it krús syn lichem en bloed foar ús offere. Dit offer bewissiget ús fan syn grutte leafde, want hy joech him oer yn de dea foar sûnders dy 't ynfieren belide dat se neatich binne foar God. Dat makket ús bliid en tankber, want troch syn dea ûntfange wy it libben.

As bruorren en susters fan ien húshâlding fiere wy ús gelok mei dit geastlike feestmiel. Oan tafel wurde wy troch Kristus fieden ? en bemoedige en wurdt ús ferlossing sichtber makke. Hy fuortsterket ús leauwe troch de hillige Geast. Mei namste mear bliidskip en tankberens sille wy de Hear tsjinje yn ús libben fan elke dei.

Utneoging en weromwizing

It nachtmiel is fol fan ferjouwing en freugde, mar wy meie it net achteleas of sûnder leauwe brûke. De Hear freget fan ús in ynfieren besef fan skuld en makket him lilk oer ús, as wy ús net dageliks fan herte ta him bekeare. As wy dan dochs dielnimme oan de fiering helje wy allinne mar gruttere grime oer ús.

Gean dêrom by josels nei hoe't jo it nachtmiel fiere. Kom oan tafel mei in ynfieren hert. Untfang it brea en de wyn en wês bliid oer jo rêding troch Kristus.

Bea

Hear, ús God en Heit, fan herte tankje wy jo foar it geskink fan it hillich nachtmiel en foar de grutte leafde dy't jo ús yn Kristus bewiisd hawwe. Wy bidde jo om in ynfieren leauwe by it iten fan it brea en it drinken fan de wyn. Jou ús dêrta jo hillige Geast.

Wy priizgje jo dat wy oan dizze tafel de ferlossing fan ús libben fiere meie. Tank foar de ienheid dy't wy meielkoar ûnderfine meie yn de gemeente. Jou dat wy inoar fan herte leafhawwe. Dat freegje wy jo yn 'e namme fan Jezus Kristus, ús Hear. Amen.

Belidenis fan it leauwe

De Apostoalyske Belidenis fan it leauwe of de Belidenis fan Nicea, sprutsen of songen. Opwekking

Dit brea en dizze wyn ferwize nei it lichem en bloed fan ús Hear Jezus Kristus. Lit ús dêrom ús herten rjochtsje op him, dy't kening yn 'e himel is, en gasthear oan dizze tafel.

Fiering

By it brekken en útdielen fan it brea sprekt de foargonger :

It brea dat wy brekke, makket ús ien mei it lichem fan Kristus. Nim, yt, betink en leau, dat it lichem fan ús hear Jezus Kristus jûn is om al ús sûnden folslein te fersoenjjen.

En as hy de beker jout :

De beker mei wyn, dêr't wy God foar loovje en tankje, makket ús ien mei it bloed fan Kristus. Nim, drink allegear dêrút, betink en leau, dat it kostbere bloed fan ús Hear Jezus Kristus fergetten is om al ús sûnden folslein te fersoenjjen.

By de geande fiering kinne dizze wurden kombinearre wurde ta :

It brea dat wy brekke, makket ús ien mei it lichem fan Kristus. De beker mei wyn, dêr't wy God foar loovje en tankje, makket ús ien mei it bloed fan Kristus.

Nim dit brea en dizze beker, yt en drink, betink en leau dat ús Hear Jezus Kristus, syn lichem en bloed jûn hat om al ús sûnden folslein te fersoenjjen.

Under de fiering kin lêzen, songen of musisearre wurde.

By de tanksizzing kin men in kar meitsje út de folgjende alternativen of se beide brûke.

Tanksizzing (1)

Lit ús de Hear tankber priizgje om syn jeften.

God bewiisde ús syn leafde meidat Kristus foar ús ferstoarn is doe't wy noch sûnders wienen. Namste wisser is it dus dat wy, no't wy troch syn dea frijsprutsen binne, tanksij him, rêden wurde sille en net feroardiele. Waarden wy yn 'e tiid dat wy noch Gods fijannen wienen al mei him fersoene troch de dea fan syn Soan, namste wisser is it dat wy, no't wy mei him fersoene binne, rêden wurde troch syn libben. En mear noch, dat wy God priizgje tankje wy oan ús Hear Jezus Kristus, troch wa't wy no al mei God fersoene² binne.

Tanksizzing (2)

Hear, ús God, wy tankje jo hertlik dat wy oan dit nachtmiel de dea fan Jezus Kristus betinke en belide mochten. Wy tankje jo dat hy stoar, dat wy libje soenen.

No't jo ús leauwe fuortsterke hawwe wollen troch dizze fiering, freegje wy jo troch Jezus Kristus, ús Hear : jou dat wy jo yn hiel ús libben ynfieren en mei freugde tsjinje. Amen

Liet

De fiering fan it nachtmiel wurdt ôfsletten mei it sjongen fan in psalm of gesang.

-
1. Mat 26 : 26 – 29
 2. Rom 5 : 8 - 11